Ferwurkingen by LinKk 4

febrewaris 2023

tema:
bisten en natuer

Wolkom by LinKk!

Wolkom by LinKk! Dit is it opdrachtekatern dat by it fjirde LinKk-tydskrift heart. It magazine komt seis kear yn it jier út. It tema fan dizze edysje is 'Bisten en Natuer'. De opdrachten geane foar in grut part oer dit tema. By de opdrachten steane stjerren. Mei dyn dosint kinsto bepale hokfoar opdrachten asto meitsje moatst.

Liever in het Nederlands?!
Welkom bij LinKk! Dit is het opdrachtenkatern dat bij het vierde LinKk-tijdschrift hoort. Het magazine komt zes keer per jaar uit. Het thema van deze editie is 'Bisten en Natuer'. De opdrachten gaan grotendeels over dit thema. Bij de opdrachten staan sterren. Samen met je docent bepaal je welke opdrachten je moet maken.

* = Opdracht foar alle learlingen (Nederlânsktalich of ienfâldich Frysk)
Opdracht voor alle leerlingen (Nederlandstalig of eenvoudig Fries)

** = Opdracht foar in learling dy't mear oan kin (Frysktalich)
Opdracht voor een leerling die meer aan kan (Friestalig)

*** = Opdracht foar in learling dy't útdaging nedich hat (Frysktalich)
Opdracht voor een leerling die uitdaging nodig heeft (Friestalig)

* Opdracht 1 – Welke hoort er niet bij?

a. Je ziet vier rijtjes met dieren. Drie dieren van elk rijtje zijn vissen. Zoek het dier in elk rijtje dat géén vis is en zet daar een streep onder.

reidfoarn	**iel**	**ingeltsje**	**makriel**
kabbeljau	**bears**	**brazem**	**krobbe**
holder	**snoek**	**skylfisk**	**hjerring**
snoekbears	**eamelder**	**forel**	**karper**

b. Bij welke diersoort horen de dieren die je onderstreept hebt?

_____

Tip: Gebruik een woordenboek of frysker.nl als je de betekenis van een woord niet weet!

✲ Opdracht 2 – Dierennamen

Hieronder staan vijftien dieren in het Fries. De letters van elk dier zijn door elkaar gezet.
Om je te helpen staan de Nederlandse namen van de dieren eronder.

a. Zet achter elk woord het goede **Friese** dier.

b. Zet achter elk Fries dier het **Nederlandse** dier wat erbij hoort.

1. ok		
2. pisek		
3. tak		
4. afresjif		
5. alfanjote		
6. dynher		
7. ûhn		
8. drum		
9. hezaz		
10. crabah		
11. fekene		
12. gjerhinr		
13. koms		
14. skof		
15. lei		

Vos, varken, mus, mug, koe, hond, paling, olifant, haring, kat, giraffe, haas, paard, schaap, bunzing.

✲✲✲ **c.** Folje ûndersteand skema yn mei de (Fryske) wurden dy't ûnder it skema steane. Fynst it lestich? Folje dan earst de wurden yn dy'tst wol witst.

		mantsje	wyfke	it jong
1.	Ko			
2.	Geit			
3.	Skiep			
4.	Hynder			
5.	Baarch			
6.	Hûn			
7.	Kat			
8.	Ein			
9.	Hin			

Hoanne, eintsje, jonge kat, teefke, bear, merje, laam (2x), bolle, pyk (2x), ko, jerke, rikel, hynst, bok, keal, sûch, poes, boarre, hintsje, geit, raam, eike, fôle, bigge, jonge hûn.

✻✻ Opdracht 3 – Kapkes

Stavering: â, ê en ô.

a, e en o → binne **koarte lûden** *(= medeklinkers)*
Bygelyks: dak, lek, hok

aa, ee en oo → as it **lûd lang útsprutsen** wurdt.
Bygelyks: raam, tee, strook

â, ê en ô → as it **lûd lang útsprutsen** wurdt mei in **'draai' oan 'e ein.**
Bygelyks: lân, bêd, rôt

Skriuw de sinnen oer en folje de ûntbrekkende wurden yn.
De wurden dy't ynfold wurde moatte, steane hjirûnder.

glês • tôget • sân • wêr • kâld • hân • ôf • glêd • bêd • rôt

1. In wike hat _____ dagen.
2. Der swom in grouwe _____ yn de sleat.
3. Hoe let giesto jûns op _____ ?
4. 'Better ien fûgel yn 'e _____ as tsien yn 'e loft', is in sprekwurd.
5. _____ hasto dy lekkere dropkes wei?
6. Us hûn _____ altiten ús heit syn toffels yn syn koer.
7. As it ferzen hat kinne de diken _____ wêze.
8. Hoe let giesto moarns fan 't bêd _____ ?
9. Ast waarme sop te lang stean litst, wurdt it _____ .
10. Jelle liet it _____ op 'e grûn falle.

Mear ynformaasje oer dit ûnderwerp?
Sjoch op Searje 36 of sykje op YouTube nei "Taalskets! – Kapkes".

✻✻ Opdracht 4 – Wier of net wier?

Lês it ferhaal oer de wolf op side 8 en 9 en meitsje de fragen hjirûnder.

1. Jorrit hat in wolf sjoen.
○ Wier ○ Net wier

2. Eline is de wolf tsjinkaam op 'e fyts.
○ Wier ○ Net wier

3. Dat de wolf werom is yn Nederlân hat foardielen.
○ Wier ○ Net wier

4. Ast in wolf tsjinkomst moatst by it bist wei drave.
○ Wier ○ Net wier

5. De wolf is in rôfbist.
○ Wier ○ Net wier

6. It lûd dat skiep meitsje hyt 'mekkerje'.
○ Wier ○ Net wier

7. Jorrit syn mem kaam by Jorrit en Wytse yn 'e stâl sjen.
○ Wier ○ Net wier

8. De skiep woene skûlje foar de rûdel wolven.
○ Wier ○ Net wier

9. Wat fynsto fan de wolf yn Nederlân?

_____

_____

_____

_____

10. Wat kinst it bêste dwaan ast in wolf tsjinkomst?

_____

_____

_____

✲✲✲ Opdracht 5 – â, ê of ô?



Folje â, ê of ô yn op de puntsjes en meitsje dêrnei in sin mei it wurd.

Nederlânsk	Frysk	Meitsje in sin mei it Fryske wurd
brood	b.....le	
zout	s.....lt	
vakantie	fak.....nsje	
geneesmiddel	gen.....smiddel	
lezen	l.....ze	
Friesland	Frysl.....n	
stok	st.....k	
brug	br.....ge	

Mear ynformaasje oer dit ûnderwerp?
Sjoch op Searje 36 of sykje op YouTube nei "Taalskets! – Kapkes".



✲ Opdracht 6 – Natuer

Dit is een korte zoekopdracht over natuurgebieden in Fryslân. Onze provincie heeft mooie natuur. It Fryske Gea is de provinciale instantie voor natuurbescherming, zij bezitten en beheren een hele lijst aan natuurgebieden. Je kunt ze vinden op www.itfryskegea.nl. Natuurlijk zijn er buiten de lijst van It Fryske Gea ook nog andere natuurgebieden in onze provincie.

a. Welk natuurgebied woon jij dicht bij in de buurt?

b. Hoe zou je dat natuurgebied omschrijven? Wat voor natuur is daar te vinden?

c. Op de Waddeneilanden is de natuur ook mooi. Welke Waddeneilanden horen bij Fryslân?

d. Bekijk de lijst met natuurgebieden van It Fryske Gea. In welke natuurgebieden ben jij al eens geweest?

e. Bekijk de lijst van It Fryske Gea. Welke drie natuurgebieden zou je weleens willen bezoeken? Waarom?

1.

2.

3.

✲✲ Opdracht 7 – The Big Five

Opdracht 1

De grutste bisten yn Súd-Afrika hawwe in bysûndere sammelnamme. Wy neame se ‘The Big Five’, ofwol ‘De Grutte Fiif’. Hokker bisten hearre dêrby?

1.

2.

3.

4.

5.

Hast se alle fiif goed? Super! Sa net, skriuw dan de goede fiif achter dyn eigen antwurden.

De oaljefant is it grutste sûchbist op it lân. Hy is wol sa’n 6000 à 7000 kilo swier en oaljefanten binne sa’n 3,4 meter grut. Harren slachtosken wurde wol trije meter lang. Se binne plante-iters en drinke alle dagen sa’n 200 liter wetter. In keppel oaljefanten bestiet út sa’n 14 leden. De froulike oaljefanten binne memmen mei in hiel soad leafde foar de lytskes. Oaljefanten wurde om en de by de santich jier.

Opdracht II

a. Tekenje in oaljefant.

b. Hoe swier is in oaljefant ûngefear? _____

c. Wat is it Nederlânske wurd foar keppel? _____

d. Ut hoefolle oaljefanten bestiet in keppel? _____

e. Hoe âld wurde oaljefanten? _____

Noashoarn is it Fryske wurde foar 'neushoorn'. Der binne wite en swarte noashoarns. De wite hat in brede bek, de swarte in folle smeller bekje. Sawol de mantsjes as de froutsjes hawwe hoarnen. In swarte noashoarn is frij agressyf. Hy falt auto's oan en fjochtet sels mei oaljefanten en liuwen. Hy weecht sa'n 1000 kilo. Eartiids waard der in soad op it bist jage foar syn hoarnen. Dêr krigen de streupers in soad jild foar. De noashoarn is dêrom in bedrige bistesoart wurden.

Opdracht III

a. Tekenje in noashoarn.

b. Ast it wurd noashoarn opdielst, hokker twa wurden sjochst dan?

_____

c. Wat is it ferskil yn uterlik by swarte en wite noashoarns?

_____

d. Wêrom waard der op noashoarns jage?

_____

De skattige goudbrune welpkes wurde yn no-time grutte rôfdieren mei in gewicht fan sa'n 200 kilo. De liuw… De mantsjes drage grutske lange manen, dy't harren beskermje tsjin de klauwen fan tsjinstanners. In froutsje kin maksimaal fjouwer jongen op 'e wrâld sette.
As liuwen op jacht binne, sjochst gjin ferskil tusken mantsjes en wyfkes. Liuwen libje yn groepen. Elke groep hat in eigen jachtterrein. Dêr jeie en libje se. Liuwen wurde sa'n 20 jier.

Opdracht IV

a. Tekenje in liuw.

b. Wêrom hat in liuw manen?

_____

c. Hoefolle goudbrune welpkes kin in memmeliuw krije?

_____

d. Hoe swier binne liuwen likernôch?

_____

e. Hoe âld wurde liuwen?

_____

Loaihoars is it Fryske wurd foar ‘luipaard’. De loaihoars kinst herkenne oan syn prachtige dûnkere flekken en syn goudbrune fel. Hy libbet it leafst yn it tichte wâld (woud) en yn in omjouwing mei in soad rotsen. De loaihoars jaget nachts. As er in bist fongen hat, sleept er it achter in beam. Dêr yt er it op. It wyfke bringt twa oant trije jongen op ’e wrâld. Folwoeksen loaihoarsen binne ienlingen, sy libje dus allinnich en net yn in groep.

Opdracht V

a. Tekenje in loaihoars.

b. Hoe kinst in loaihoars herkenne?

_____

c. Wêr libbet er it leafst?

_____

d. Wat docht er as er in proai fongen hat?

_____

e. Libbet in folwoeksen loaihoars yn in groep?

_____

De kafferbuffel yt it leafst wyld gers. It binne eins frij rêstige bisten. Se geane faak nachts op paad. Sawol de mantsjes as de wyfkes drage grutte hoarns. Dêr kinne se oare bisten flink mei ferwûne. As in buffel ferwûne of bang is, dan is hy hiel gefaarlik. De grutste fijân fan de buffel is de liuw. Sels de liuw moat der om tinke dat er net yn ’e hoarnen fan de buffel terjochte komt…

Opdracht VI

a. Tekenje in buffel.

b. Wat yt in buffel?

_____

c. Wat is it grutste wapen fan in buffel? Wêrom?

_____

d. Wat is de grutste fijân fan de buffel?

_____

✲✲ Opdracht 8 – Bistelûden

Bisten meitsje lûden. Foar dy lûden besteane tiidwurden (werkwoorden). Set yn kolom twa it bypassende wurd yn it Frysk en yn kolom trije it Nederlânske. De Fryske wurden steane hjirûnder. Kinst de Nederlânske wurden sels betinke?

Balte, bylje, gakkerje, bletterje, kweakje, mekkerje, miaukje, wrinzgje, snetterje, gnoarje

Bist	Lûd (Frysk)	Geluid (Ned)
Einen		
Skiep		
Hynders		
Geiten		
Kij		
Katten		
Bargen		
Hûnen		

Fraach: de beide Fryske wurden dy't oerbliuwe, hokker bisten hearre dêr by?

✲✲ Opdracht 9 – Tiidwurden

Werkwoorden wurde yn it Frysk tiidwurden neamd.

Tegenwoordige tijd = notiid.
Verleden tijd = doetiid.
Voltooid deelwoord = mulwurd.

Yn alle boeken en tydskriften komme tiidwurden foar. Kinst net sûnder!

a. Folje yn it ûndersteande skema de ferskillende tiidwurden yn. De earste is al efkes foardien!

Ynfinityf	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Meitsje	ik meitsje	ik makke	ik ha makke
Wêze	ik	ik	ik
Hawwe	ik	ik	ik
Dwaan	ik	ik	ik
Wolle	ik	ik	ik
Falle	ik	ik	ik

b. Meitsje de tiidwurdepuzel hjirûnder.

Wolle	**1.**	Ik . . . . . hiel graach in húsbist
Dwaan	**2.**	Ik moat it bêd opmeitsjen sels . . . . .
Falle	**3.**	Juster liet ik alles . . . . .
Meitsje	**4.**	Ik . . . . . graach foto's yn 'e natuer
Hawwe	**5.**	Ik . . . . . earder twa fisken, no noch mar ien
Falle	**6.**	It itensbakje fan de kat . . . . . juster
Dwaan	**7.**	Ik wol de kat nei bûten . . . . .
Dwaan	**8.**	Wy hawwe snein hielendal neat . . . . .
Meitsje	**9.**	Ik soe hjoed in fetbol foar de fûgels . . . . .



c. Wite fakjes:

_____

✲✲✲ Opdracht 10 – Unregelmjittige tiidwurden

Regelmjittige tiidwurden einigje op -e of -je, en mei in rychje útgongen komst al in hiel ein!
No sille wy sjen nei ûnregelmjittige tiidwurden, dus dy't net sa maklik bûgd wurde kinne.

Net alle ûnregelmjittige tiidwurden binne like ûnregelmjittich, mar meastal komt it derop del dat de klank feroaret yn de doetiid. Tink bygelyks oan: ik bin - ik wie, of hy rint - hy rûn.

Kinsto de doetiidsfoarm yn de goeie sin pleatse?
Brûk dizze wurden: keazen, kochtst, geat, koene, iet, lies

1. Ik _____ in stikje bôle.
2. Do _____ in nije broek.
3. Hy _____ in boek.
4. Sy _____ de molke yn.
5. Wy _____ it bêste foarbyld út.
6. Jo _____ net wat earder komme?

✻✻ Opdracht 11 – Stavering: û of oe?

Het schrijven van ‘oe’ en ‘û’.
Beide tekens worden hetzelfde uitgesproken, maar wanneer schrijf je ‘oe’ en wanneer ‘û’?

oe

→ Wordt het Nederlandse woord geschreven met ‘oe’? Dan het Friese woord ook.

boek	-	boek
hoeke	-	hoek
troep	-	troep
stoepe	-	stoep

→ In de verleden tijd van sterke werkwoorden:

ik sloech	-	ik sloeg
hy foel	-	hij viel
ik ha groeven	-	ik heb gegraven

→ Als je in het Friese woord een tweeklank (golfje) in de oe hoort:

djoer	-	duur
oere	-	uur
bedoeling	-	bedoeling
goed	-	goed

û

→ Wordt het Nederlandse woord niet met ‘oe’ geschreven? Dan gebruiken wij in het Fries ‘û’.

drûch	-	droog
ûtnûging	-	uitnodiging
kompjûter	-	computer
slûch	-	slaperig

→ Voor een –n in de verleden tijd van sterke werkwoorden:

ik wûn	-	ik won
sy hat rûn	-	zij heeft gelopen

Learsto de regels leaver mei in filmke? Besjoch de Taalskets op YouTube. Sykje op: ‘taalskets oe/û’.

Vul ‘oe’ of ‘û’ in:

1. It aai is fan in strúsf_____gel.
2. Ik ha earst it h_____s opromme.
3. Ik hie it hynder fêstb_____n.
4. De h_____n hat de knyn sjoen.
5. Wy bakke de broadsjes op it fj_____r.
6. De b_____r melkt de kij.
7. Dat is hiel bys_____nder.
8. Sy dr_____ch juster in bril.
9. De kat hat al in soad m_____zen fongen.
10. Der lizze acht aaien yn de einek_____r.
11. Ik doch de iPad yn de h_____s.
12. Ik f_____n ús kat ûnder de kast.
13. Hjir_____nder stiet ek noch in sin.
14. Fan molke wurdt ek b____ter makke.
15. Hasto in d_____kje foar my?

Mear ynformaasje oer dit ûnderwerp? Sjoch op Searje 36 of sykje op YouTube nei “Taalskets! – Kapkes”.

Opdracht 12 – Stikstofkollaazje

Brânnettels, fûgels, azemje, boeren, fabriken, ynsekten… Deze woorden tref je aan in het artikel over het stikstofprobleem op bladzijde 16 en 17. In het artikel wordt uitgelegd waarom we in Nederland te maken hebben met een stikstofprobleem.

Maak in onderstaand vak een stikstofcollage. Zet de Friese woorden (of een complete uitleg) bij de verschillende onderdelen. Je mag de woorden hierboven gebruiken, maar uiteraard ook andere woorden gebruiken.

✲✲✲ Opdracht 13 – Mind map meitsje

Jim sille in mind map meitsje oer stikstof! Folgje de stappen hjirûnder.

Stap 1: Lês de tekst op side 16 en 17 fan LinKk oer stikstof.
Stap 2: Lês hjirûnder wat der werom komme moat yn de mind map.
- Wat is stikstof?
- Hoe reagearje planten op stikstof?
- Wêrom is stikstof in probleem wurden?
- Wat hawwe boeren mei stikstof te krijen?
- Wêrom binne de boeren sa lilk?
- Betink sels noch in ekstra feitsje oer stikstof.

Stap 3: Skriuw yn it koart en en yn eigen wurden yn de mind map watsto yn de tekst lêzen hast oer de fragen hjirboppe. De earste is al foar jim dien.



Opdracht 14 – Wier of net wier?

Lees het sportportret op bladzijde 12 en 13 en maak de vragen hieronder. Welke stellingen zijn waar?

1. **a.** Doe't Rinze jong wie siet er al yn in rolstoel.
b. Rinze sjocht it net as in beheining.
1. Stelling **a** is wier, stelling **b** is net wier.
2. Stelling **a** is net wier, stelling **b** is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

2. **a.** Rinze syn âldere broer hat ek in beheining.
b. Rinze syn jongere broer hat ek in beheining.
1. Stelling **a** is wier, stelling **b** is net wier.
2. Stelling **a** is net wier, stelling **b** is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

3. **a.** In frame runner is in trijetsjiller mei trapers.
b. In frame runner hat gjin seal.
1. Stelling **a** is wier, stelling **b** is net wier.
2. Stelling **a** is net wier, stelling **b** is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

4. **a.** De Paralympyske Talintedei wie in earste stap om Rinze syn dream wier te meitsjen.
b. Doe't Rinze jong wie woe er al meidwaan oan de Paralympyske Spelen.
1. Stelling **a** is wier, stelling **b** is net wier.
2. Stelling **a** is net wier, stelling **b** is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

5. **a.** Handbiken dochst mei in sportrolstoel.
b. Wheele dochst mei in lisfyts.
1. Stelling a is wier, stelling b is net wier.
2. Stelling a is net wier, stelling b is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

6. **a.** Rinze hat meidien oan it iepen NK yn Eindhoven.
b. Rinze hat noch net meidien yn it Belgyske Ninove.
1. Stelling a is wier, stelling b is net wier.
2. Stelling a is net wier, stelling b is wier.
3. Beide stellingen binne wier.
4. Beide stellingen binne net wier.

✲✲ Opdracht 15 – Kwik, Kwek en Kwak

Wa ken se net: Kwik, Kwek en Kwak? Dat binne megaferneamde bisten. Kinsto it stripferhaal útskriuwe? Folje de tekstballontsjes yn. Skriuwsto yn it Frysk? Frysk én Nederlânsk? Of brûkst noch mear talen?



✲✲✲ Opdracht 16 – Poëzy

Lês it gedicht Us hûn op side 19 en meitsje de fragen hjirûnder.

1. Wat bart der neffens dy yn it gedicht?

_____

2. Wat fynsto fan it gedicht? Lis dyn miening út.

_____

_____

3. Pas it gedicht hjirûnder oan, betink sels wat der op de iepen plakken komme moat te stean.

(Titel) _____

_____

syn earen binne stikken,

_____

hy is net te berikken.

_____

Dat bist hat fjoerwurk yn 'e kop,

_____

draaft er hieltyd by my wei.

_____

sykjend nei syn eigen spoar.
Hy ferstjit syn strange baaskes

_____

Us heit sei mei in grutte knypeach:

_____

_____

ha, hy liket wol op my!

Opdracht 17 – Op safary

Bioloog Auke-Florian neemt je op bladzijde 14 en 15 mee op safari door de stad, hoe vet is dat?! Lees de tekst en maak de vragen hieronder.

1. Auke-Florian neamt 6 punten. Hokker werkensto út dyn omjouwing?

   _____

2. Hokker nûmers komsto tsjin by jim op it skoalplein?

   _____

3. No giest sels op safary op it skoalplein of yn de omjouwing!

Wat hast nedich?

- Telefoan of iPad mei kamera.

Stappeplan

1. Foarmje in twa- of trijetal.
2. Freegje tastimming oan jim dosint oft jim de opdracht útfiere meie.
3. Rin nei it skoalplein of de omjouwing fan skoalle.
4. Sykje nei eleminten dêr't Auke-Florian oer skreau en set se op 'e foto.
5. Sjogge jim oare natuereleminten? Set dy dan ek op 'e foto.
6. Gean werom nei de les.
7. Bepaal hokker foto's en natuereleminten jim it moaiste fine.
8. Meitsje fan jim moaiste foto's in fotokollaazje. Dat kin yn Word mar kinst ek in app downloade.

Súkses!

Wolle jimme de kollaazje mei ús diele? Brûk dan op Instagram #LinKkmagazine.

Opdracht 18 – SA2023

Lês SA2023 op side 18 en meitsje de opdracht hjirûnder.

Wat hast nedich?

- in skjirre
- lym

Wat moatst dwaan?

1. Knip de útfoude dobbelstien út
2. Sjoch hokker plaatsje by hokker wurd heart
3. Der is ien flak leech, skriuw dêrop: Jou de beurt troch oan dyn klassegenoat
4. Set de dobbelstien yn inoar mei lym op de plakrântsjes
5. Dobbelje mei dyn klassegenoat
6. Oer it plaatsje dêr't de dobbelstien op komt te lizzen, fertelsto yn it koart watsto dêr oer lêzen hast
7. Dobbelje troch, oant jim alle plaatsjes fan SA2023 hân hawwe.



Opdracht 19 – Praat deroer – Boerebingo

Printsje foar elke learling in bingokaart út. Op de bingokaart steane 16 fekjes, mar se binne noch leech. Lit alle wurden hjirûnder op it digiboerd sjen. De learlingen kieze sels 16 wurden út en skriuwe yn elk leech fekje ien wurd.

Boer – ko – bolle – keal - hynder – stâl – trekker – ladewein – hiem – lân – hûs – bisten – melke – feewein – hikke – gers – hea – strie – hûn – hinnen – molkwein – molkbus – lisboksstâl – bûthûs – golle – meane – jarre – boerinne – overal – learzens – fuorje – boarne

Dêrnei giet de wurdelist fan it boerd ôf. Alle learlingen hawwe in pinne of stift nedich. De learaar lêst op willekeurige folchoarder 16 wurden op fan de list. Wa't as earste bingo hat, hat wûn! Fansels kin der earst ek noch spile wurde foar de boppeste en ûnderste rige, ensafuorthinne.

BOEREBINGO			